

Krysttyd

kearsang: 't is krysttyd man wat wolst noch mear
it bier stikt yn de kraach
fiel no dy broeikas-atmosfear
gat yn de ozonlaach
de krystbeam baarnt stereotyp
wy sjonge stille nacht
de krystkalkoen hat fûgelgryp
al kaida hâldt de wacht

D / G A7
Bes / A7 /
G A Bm /
Em / A7 /
D / G A7
Bes / A7 /
G A Bm /
Em A7 D /

wy hawwe nei de wierheid socht
want alles hat in doel
elk hat syn eigen god betocht
dat jout in goed gefoel
soms hast der ek in boekje by
dêr't yn stiet hoe't it moat
mar d' útlis dêrfan is sa frij
dat men der spul om hat
it makket my wol mankelyk
dat elke godstsjinst leart:
allinne wy hawwe gelyk
alle oaren bin ferkeard

G / C7 /
G / D7 /
C7 / G /
D7 / G /
G / C7 /
G / D7 /
C7 / G /
D7 / G /
A7 / Bm /
Em / A7 /
G7 / D /
A7 / D /

kearsang:

it wurdt ûnlijich bûtendoar
de dagen wurde koart
yn't skimerljocht bist samar smoar
en liket alles swart
dus stekke wy de kerskes oan
en sitte yn de kroech
ús selsbetrouwen is bedoarn
wy hâlde't amper droech
wa wit noch wêr't de wrâld om draait
wy bin de doelen kwyt
as aanst de reade hoanne kraait
sjitte wy wol mei karbyd

kearsang: